

- Frysk Wurdboek (1952) = H.S. Buwalda, G. Meerburg & Y. Poortinga, *Frysk Wurdboek*. Twadde diel: Nederlânsk-Frysk. Osinga, Bolswert.
- Fryk Wurdboek (1984) = *Frysk Wurdboek*. Frysk-Nederlânsk. Hânwurdboek fan 'e Fryske taal gearstald troch J.W. Zantema. Osinga, Ljouwert.
- Gosses, Godard (1934), *Binnen en buiten Friesland*. Mouton & Co., Den Haag.
- Haan, Ferdinand de (1999), 'Evidentiality and Epistemic Modality: Setting Boundaries', *Southwest Journal of Linguistics* 18, 83-101.
- Haan, Ferdinand de (2005), 'Encoding speaker perspective: Evidentials', in: Z. Frajzyngier & D. Rood (red.), *Linguistic Diversity and Language Theories*. Benjamins, Amsterdam, 379-397.
- Hoekstra, Jarich (1999), 'Frysk fernimme as in a.c.i.-tiidwurd', *Us Wurk* 48, 10-18.
- Hoekstra, Jarich (2000), 'Sa en net oars of: waar vergelijking en ontkenning elkaar ontmoeten', in: Hans den Besten, Els Elffers, Jan Luif (bes.), *Samengevoegde woorden*. Voor Wim Klooster bij zijn afscheid als hoogleeraar. Leerstoelgroep Nederlandse Taalkunde, Universiteit van Amsterdam, 135-144.
- Olivier, Nele & Kristin Davidse (2005), 'The middle voice with mental and verbal predicates in English and Dutch', *Leuvense Bijdragen* 94, 189-234.
- Palmer, Frank R. (1986, 2001<sup>2</sup>), *Mood and Modality*. Cambridge University Press, Cambridge.
- Romijn, Kirsten (1996), *Hoe doen we het? Verwijzen naar linguïstische en cognitieve representaties met het voornaamwoord het*. Meertens-Instituut, Amsterdam.
- Sytstra, Onno Harmens & Jan Jelles Hof (1925), *Nieuwe Friesische Spraakkunst*. Van der Velde, Leeuwarden.
- Tamminga, D.A. (1963), *Op 'e Taelhelling I*. Losse trochsmeden fan Frysk taellibben. Osinga, Boalsert.
- Viberg, Åke (2001), 'Verbs of Perception', yn: Armin Burkhard, Hugo Steger & Herbert E. Wiegand (red.), *Language Typology and Language Universals*. Handbücher zur Sprach- und Kommunikationswissenschaft, Bd. 20. De Gruyter, Berlin/New York, 1294-1309.
- WNT = *Wurdboek fan de Fryske Taal/Woordenboek van de Friese Taal*. Fryske Akademy, Ljouwert (1981-).

*Yu: Us Wurk 50 (2009), 17-34*

## De passive ynfinity as absintyf

Siebren Dyk

### Summary

*There exists a Frisian infinitive construction which has the remarkable property that it allows a passive interpretation, even though there are no explicit formal signs for such a reading. In de learaar is te skearen, literally 'the teacher is to shave', it can be the case that the teacher is actively shaving, but also that someone is shaving him. The construction can be identified as a so-called prepositional te-infinitive. One property of this type of infinitive is that it functions as an absentive, which means that the action as being performed in the complement (here the shaving) is taking place at a location remote from the place where the deictic centre of the utterance is situated. In this article, it is claimed that it is this property of absentiveness that makes the passive reading possible. However, not all languages that exhibit a grammatical absentive construction do show a passive interpretation. It is tentatively suggested that the modal infinitive construction, which is formally fairly similar and which, moreover, is inherently passive, might have functioned as a stepping stone for the Frisian variant of the absentive construction to develop its possibility of a passive reading.*

### 1. Koarte probleemstelling

Dit artikel besiket in antwurd te jaan op 'e fraach wêrom oft in sin as *de learaar is te skearen* op twa wizen lêzen wurde kin. De meast yn 'e reden lizzende, aktive, ynterpretaasje is, dat de learaar sels oan it skearen is. Lykwols, de sin kin ek in passive ynterpretaasje krije. Yn dat gefal skeart de learaar sels net, mar wurdt er krekt skeard. It antwurd op de fraach ropt in twadden op: wêrom hat it Frysk dan wol dy passive ynterpretaasje, wylst er yn 'e ferlykbere konstruksje yn it Dútsk en it Nederlânsk, bygelyks as yn *de leraar is scheren*, net mooglik is?

1. Foar it lêzen fan in eardere kladde tankje ik Eric Hoekstra. Tank ek oan Rolf Bremmer, dy't my ûnbedoeld ta it skriuwen fan dit artikel brocht hat. In part fan 'e ynhâld is op 10 desimber 2008 as lêzing tefoaren brocht op it Frysk Filologekongres.

## 2. Aktyf en passyf

De twa bekendste semantyske rollen binne hast wol Agens (de hanneljende persoan) en Patiens (dejinge/datjinge dy't/dat de hanneling ûndergiet). In bekend foarbyld is ditte:

### (1) De slachter slachtet de baarch

Yn dat sintsje is *de slachter* de Agens, en *de baarch* is dúdlik de Patiens. No is it normaalwei sa, dat yn 'e syntaksis de Agens ferskynt as it subjekt fan 'e sin, en de Patiens as it objekt, sa't it dus ek yn (1) it gefal is. Dat de slachter subjekt is, sjogge we oan it ferskynsel kongruïnsje:

### (2) De slachters slachtsje de baarch

It subjekt stiet hjir yn it meartal, en dat wurdt wjerspegele yn 'e morfology fan it tiidwurd, dy't no ek meartalich is. As we fan subjekt en objekt persoanlike foarnamwurden meitsje, dan kinne we ek fuortdaliks it ferskil merkbite:

### (3) Hy slachtet him

It subjekt hat hjir, yn 'e foarm fan *hy*, nominatyffal, wylst it objekt de foarm fan it akkusative *him* oannimt.

Fan 'e ferdieling Agens as syntaktysk subjekt en Patiens as syntaktysk objekt wurdt soms ôfwykt. De bekendste skeining komt foar yn 'e passyfkonstruksje:

### (4) De baarch wurdt troch de slachter slachte

De Patiens *de baarch* is hjir syntaktysk subjekt wurden, dat sjen litten wurde kin troch de sin yn it meartal te setten:

### (5) De bargaen wurde troch de slachter slachte

In oare mooglikheid om in Patiens te promovearjen ta subjekt kin fûn wurde yn 'e medium-konstruksje:

### (6) In jonge baarch slachtet noflik

Ferlykje dêrta wer de korrespondearjende sin yn it meartal:

### (7) Jonge bargaen slachtsje noflik

Merk oars op dat konstruksjes as passyf en medium ek noch bykommende formele skaaimerken hawwe. By de passyf wurdt it tiidwurd dat earst as persoansfoarm foarkaam, no ta in mulwurd (*slachte*), dat wer beselskippe wurdt fan in in apart helptiidwurd (*wurde*), en it eardere subjekt ferskynt yn in ferhâldingswurdkloft (*troch de slachter*). En in mediumkonstruksje kin net sûnder in foarm fan modifikaasje, hjir yn 'e foarm fan 'e bywurdlike bepaling *noflik*.

## 3. Passive ynfinityven

Yn it Frysk bestiet noch in konstruksje dêr't in Patiens yn ferskine kin as subjekt. It is Anne Wadman – dy't syn paadsje oars folle mear skjinfage hat as letterkundige dan as taalkundige – dy't de eare takomt fan ûntdekker (Wadman 1949). Oanlieding wie in besprek fan Obe Postma yn *De Tsjerne* (1949, side 70), dy't de neikommende dichtrigel fan G.N. Visser (oerbrocht yn 'e hjoeddeiske stavering):

### (8) De learaar glimket fyn, giet dan te skearen

kwalifisearret as ferkeard taalgebrûk. Postma seit dêroer: “*To skearen* giet tinkt my in kappersbitsjinde, as er by de klanten lâns moat, net in learaer”. Wadman is it dêr net mei iens. Him tinkt, dat yn dat foarbyld de learaar wol deeglik fan syn begjinnend burd ôfholpen wurde kin, sûnder dat er dêr sels direkt de hân yn hat. Mei oare wurden, dat de learaar hjir dus de rolle fan Patiens hat. Dy Patiens beset yn dit gefal dus wol it subjektsplak fan 'e sin, en omdat it hyltyd bart yn in ynfinityfkonstruksje, betitelesearret Wadman it ferskynsel as *passive ynfinityf*.

Wadman syn obstrewaasje is yn 'e literatuer net mear tsjinsprutsen, mar it kin oan 'e oare kant ek net sein wurde dat der letter folle mei dien is. It ferskynsel wurdt neamd yn it *Oersjoch fan 'e stúdzje fan 'e Fryske syntaksis* (Dyk & Hoekstra 1987, 16) en yn in noat yn J. Hoekstra (1997, 86), en it wurdt yn E. Hoekstra (1994, 88) synjalearre as ien fan 'e oerienkomsten mei it Westfries, mar dat is it by myn witten dan ek wol. It wurdt dus, 60 jier

letter, ris tiid om der neier op yn te gean, benammen ek omdat Wadman syn ferklearring fan it ferskynsel net rjocht oertsjûgje kin.

Dat Wadman syn gefoel him net te fiter hie, kin maklik oantoand wurde troch de formele kritearia dy't we hjirboppe ek al tapast hawwe:

- (9) De leararen geane te skearen
- (10) Hy giet te skearen

As we de persoansfoarm yn it meartal sette, dan moat it subjekt ek yn it meartal, en dat wiist der op dat *de learaar* yn (8) yndied in subjekt is. Ta dy konklúzje komme we ek as we *de learaar* pronominalisearje; we krije dan de nominatyffoarm *hy*.

Merk oars op dat ús konstruksje, yn tsjinstelling ta de passyf en de medium, gjin formele skaaimerken hat dy't jin de "passivens" derfan formeel ergerje lit. In sin as (10) kin sawol in passive lêzing ha – dan wurdt *hy* dus skeard – as in aktive, en dan nimt *hy* sels de skearkwaste yn 'e hân. Dy aktive lêzing is ek altyd beskikber, of it moast *wêze* dat soks om pragmatyske reden útsletten is, lykas yn:

- (11) De baarch giet te slachtsjen

In baarch kin himsels, noch in oar bist, net slachtsje, dat dan hâldt it op, dat wol sizze dat yn sa'n gefal allinne de passive lêzing mar beskikber is.<sup>2</sup>

Wadman jout ferskillende foarbylden fan 'e konstruksje. De measte nim ik hjir, yn 'e hjoeddeiske stavering, en soms oanfolle mei in tiidwurd, oer, om de lêzer in fierder idee te jaan:

- (12) Ik gean te hierknippen
- (13) Bern geane te ynintsjen
- (14) Soldaten (geane) te keuren
- (15) Froulju (geane) te wettergolven, manikueren, pedikueren

Boppesteande foarbylden hawwe in minsklik subjekt, en in aktive ynterpretaasje is dêrby dan yn prinsipe net útsletten. Dat leit dus al flink wat lestiger by in subjekt dat in bist is:

2. Dit kritearium is oars reklik en betreklik, dat wol sizze, der kin altyd wol in (meardere)wrâld betocht wurde dêr't barga sels ek slachtsje.

- (16) De baarch giet te slachtsjen
- (17) De knyn (giet) te strûpen

Mei in saaklik subjekt is in aktive ynterpretaasje normaalwei útsletten:

- (18) It pak giet te stomen
- (19) De jurk (giet) te fervjen
- (20) De lekkens (geane) te waskjen
- (21) De bân (giet) te plakken
- (22) De redens (geane) te slypjen

Wadman neamt, dat: "ek yn it durative, mei "wêze" plus to, komme al dizze konstruksjes foar". Dat saneamde durative fan it matrikstiidwurd *wêze* liket my aspektueel sjoen winliken gjin tsjinstelling mei boppesteande foarbylden mei it matrikstiidwurd *gean* op te smiten, mar fierder hat er wol gelyk. Hjir komme in pear foarbylden mei *wêze*:

- (23) De learaar is te skearen
- (24) De baarch is te slachtsjen
- (25) It pak is te stomen

Njonken *gean* en *wêze* kinne as matrikstiidwurd ek modale helptiidwurden foar kar nommen wurde. De mooglikheid ta in passive ynterpretaasje bliuwt dan hyltyd oanwêzich:

- (26) De learaar sil te skearen
- (27) De baarch moat te slachtsjen
- (28) It pak koe pas oare wike te stomen

#### 4. Wadman syn ferklearring

Wadman obstrewearret dat it by sokke foarbylden hyltyd giet "om in (persoanlik of ûnpersoanlik) subjekt dêr't troch in oar (in net neamd "fakman") in biwurking yn technyske sin op tapast wurdt". Dy obstrewaasje liket korrekt, mar de ferklearring fan it ferskynsel dêr't er dêrnei mei oankomt, is minder gelokkich. De passaazje giet sa:

"Ik soe it sykje wolle yn in soarte fan ferdizingen fan de kreative verbale ynhâld fan it tiidwurd. Skeare (...) ensafh. forlieze, as de "biwurker" net neamd wurdt, har dúdlik "aktive" modus, har hannelingswearde, net om

in dúdlik passyf aspekt to krijen, mar om yn in soarte fan foralgemiene middenposysje oer to gean, dêr't aktyf en passyf yn elkoar torane. It tiidwurd wurdt in algemiene noty, dêr't men jin net dúdlik by biwust is hwa't de operateur is fan de biwurking, dêr't dy operateur (...) by op 'e eftergron rekke en it slachtoffer fan de biwurking as subjekt it sintraal elemint yn wurdt. It aktive "slachtsje" en it passive "slachte wurde" rane gear ta ien algemiene noty "slachtsje", dêr't beide aspekten yn forlern geane, of, as men wol, tagelyk yn libje".

Wadman siket de oarsaak fan it ferskynsel dus yn in ferdizening fan betsjutting fan it tiidwurd. Mar wat soene we ús dêr by yntinke moatte? Slachtsjen bliuwt slachtsjen, en mei slachtsjen binne twa aktoaren anneks: in bist dat it mei de dea belje moat, en in minske dy't it mês hantearret. Wadman jout ek gjin ûnofhinklike arguminten foar syn suggestje fan dy ferdizening. Hy seit wol, mei rjocht, dat de bewurker fan 'e hanneling net mear neamd wurdt, mar dat liket no krekt earder in gefolch fan 'e passive ynterpretaasje te wêzen as in oarsaak. In gefolch nammentlik fan it âl neamen fan de Patiens: yn dizze konstruksje is der syntaktysk no ienris mar foar ien fan beiden plak om neamd te wurden, en fan gefolgen sit de sin sûnder iepentlike Agens. We lykje yn 'e oanhelling hjirboppe dan ek te krijen te hawwen mei in klassyk gefal fan it riddenearten yn in rûntsje.

Wêr't Wadman tinkt my wol op it goede spoar sit, is syn yntuysje dat "dizze passive inf. just t o c h de forbining mei t o yn it Frysk bistanber wurden is". Dy stelling bliuwt it lykwols by, hy wurdt út noch yn net útwurke. Ik woe no yn it fierdere besykje om út te lizzen wêrom oft Wadman syn keppeling oan dy konstruksje mei *te* korrekt is, c.q. wêrom oft krekt dy konstruksje in passive ynterpretaasje talit.

##### 5. Preposysjonele ynfinitiven en absintiven

It giet yn Wadman syn foarbylden yndied hyltyd om in ynfinityf mei *te*. As wy Hoekstra (1997) syn yndieling fan *te*-ynfinitiven der op neisjogge (haadstik 4, benammen s. 85-87), dan docht bliken dat we by alle foarbylden fan Wadman te krijen hawwe mei wat Hoekstra "prepositional *te*-infinitives" neamt. It matrikstiidwurd is by dy kategory *gean*, *wêze*, of in modaal helptiidwurd. In oare eigenskip fan 'e konstruksje is, dat yn ûnderskikte sinnen de *te*-ynfinityf ferplichte oan 'e lofterkant fan it matrikstiidwurd stean moat:

- (29) a. ... dat se [te silen] is  
b. \*... dat se is [te silen]

Noch in oare relevante eigenskip, oars net troch Hoekstra neamd, is, dat de ynfinitivale tiidwurden neffens Vendler (1957) syn klassike fjouwerdieling Activities wêze moatte. Activities denotearje in proses sûnder ymplisearre einpunt en hawwe in Agens dy't de hanneling kontrolearret.<sup>3</sup> De eigenskippen meitsje bygelyks dat *sykje* yn 'e konstruksje wol akseptabel is, mar *fine* net:

- (30) Gurbe sil te sykjen  
(31) \*Gurbe sil te finen

De eigenskippen meitsje boppedat, sa't Dijk (1997) ferklearret, dat der yn 'e konstruksje ynkorpearre wurde kin, sa't fierderop ek noch bliken dwaan sil.

Wat Hoekstra âl neamt, oars wat ymplisyt en sûnder dat er dat fierder útwurket, is in opfallende semantyske eigenskip fan preposysjonele *te*-ynfinitiven. Fan it sintsje *dat se te silen giet* seit er dat dat ynhâldt "something like 'that she goes *somewhere* [sleanprint fan Hoekstra] to sail'". Hoekstra ferwiist dêrby nei Hof (1920, 130), dy't al opmurk dat in Fries allinne mar sizze kin fan *ik gean te melken* "foar ef op it amerij det er de reis nei de yester ûndernimme scil, ef ûnder dy reis. Immen dy't yn 'e yester stiet, praet fensels net mear fen "to melken gean'".

Mei dy eigenskip kin de Fryske preposysjonele ynfinityf karakterisearre wurde as in *absintyf*.<sup>4</sup> In absintyf hat de eigenskip dat de hanneling dêr't oan referearre wurdt, op in oar plak bart as dêr't de sprekker is. Om it kreker te formulearjen, it subjekt is net oanwêzich yn wat De Groot (2000, 697) it deiktyske sintrum neamt. "If the deictic centre is specified in a clause, the use of the absentive entails the dislocation of the event from the deictic centre".<sup>5</sup> Absintivens kin leksikaal markearre wurde, lykas yn it Ingelsk ferplichte it gefal is, bygelyks yn

3. Sjoch Haslinger (2007, 24-33) foar in neiere behanneling, en ien dy't tagelyk relevant is foar it ûnderwerp fan dit artikel, omdat ien en oar set wurdt yn it ljocht fan 'e eigenskippen fan absintiven (sjoch fierderop).
4. Ek al yn noat 1 yn De Groot (1995). De Groot beheint syn waarnimming foar it Frysk (en it Grinslânsk) lykwols ta konstruksjes mei *wêze* plus *te*.
5. Sjoch Haslinger (2007) foar in justjes oare terminology, fyzje en oanfoljende subtiliteiten, dy't foar ús riddenearting lykwols net fan belang binne.

(32) He is off fishing

dêr't it partikel *off* oanjout dat it subjekt op in oar plak oan it fiskjen is. Sa'n leksikale markearring is yn it Frysk oars, sa't J. Hoekstra (1997, 86) yn in noat opmerkt, ek mooglik mei it wurd *sje út*, as yn

(33) Se is út te silen

Neffens De Groot (2007) hat it moderne Ingelsk gjin grammatikale absintyf, yn tsjinstelling ta de oare Westgermaanske talen. Sa ha it Dútsk en it Nederlânsk in grammatikale absintyf ta har foldwaan yn 'e foarm fan in konstruksje mei it tiidwurd *sein* c.q. *zijn* plus in ynfinityf (sjoch bygelyks De Groot 2000 en Vogel 2007):

(34) Er ist fischen

(35) Hij is vissen

We sjogge oan 'e foarbylden dat der hjir gjin wurd is dat eksplisyt op absintivens wiist. It Frysk hat, lykas útholden, ek sa'n grammatikale absintyf, mar it freget al ferplichte it partikel *te* foar de ynfinityf:

- (36) a. \*Hy is fiskjen  
b. Hy is te fiskjen

It Frysk wykt dêrnjonken, sa't we sjoen hawwe, ek noch oars fan syn sustertalen ôf, mei't it ek oare matrikstiidwurden talit as inkeld *wêze*, te witten *gean* en de modale helptiidwurden. It is lykwols mar de fraach oft it hawwen fan dy gruttere mooglikheden foar in part net in oerflakkich ferskynsel is. J. Hoekstra (1997, 85) jout alteast oan dat er by de modale helptiidwurden oannimt "that in these cases the modal complement contains an empty verb, a non-lexical counterpart of the unmarked movement verb *gean*".

#### 6. *Passivens en absintyf*

Weromkommend op 'e passive ynfinityf, it soe no yn 'e reden lizze om de spesjale mooglikheid ta passive ynterpretaasje by de Fryske konstruksje te relatearjen oan it ynherint absintive karakter fan 'e konstruksje dêr't er yn foarkomt. Neffens my is dêr yndied in riddenearring foar op te setten.

Yn gewoane, dus net-absintive, konstruksjes is it sa dat de hanneling op itselde plak bart as dêr't it deiktyske sintrum is. Nim bygelyks it foarbyld

(37) Gurbe sil him/de skiep skeare

Gurbe is hjir dúdlik it subjekt dat de hanneling fan it skearen útfiere sil, hy sil yn dit foarbyld himsels of de skiep ûnder it mês ha. It plak fan hanneling is bekend, of it is ûnbekend, mar dat docht der dan net ta. De sin hat in objekt, en allinne dêrom al moat it subjekt *Gurbe* wol de Agens wêze. It tiidwurd *skeare* hat dus twa semantyske arguminten (Agens en Patiens), en dy krije hjir beide in syntaktyske útdrukking.

As we it objekt weilitte, dus yn

(38) Gurbe sil skeare

dan feroaret der yn prinsipe mei Gurbe neat. Der is útsoarte wol in Patiens, mar dy wurdt syntaktysk net útdrukt, en bliuwt yn dit gefal dus ymplisyt. De Patiens kin hjir weilitten wurde as syn idintiteit net fan belang is, en/of omdat er by de petearpartners al bekend is.

Der bestiet ek in konstruksje dêr't it de Agens is dy't net útdrukt wurdt, alteast dy't net útdrukt wurde hoecht. En dat is no krekt de gewoane passyfkonstruksje:

- (39) a. De skiep wurde skeard troch Gurbe  
b. De skiep wurde skeard

Wy sjogge dêrby yn 'e a-sin dat de Agens wol útdrukt wurde kin, nammentlik yn in saneamde *troch*-bepaling, mar dat soks net ferplichte is, sa't de b-sin sjen lit. Lykas by (38) kin dat weilitten barre omdat de ynhâld fan 'e Agens net relevant is, of dat er al bekend is by de petearpartner. Yn in passyf is it dêrfoaroer dus krekt de Patiens dy't ferplichte ta útdrukking komme moat, en wol as syntaktysk subjekt, en net de Agens, lykas normaalwei.

No nimme we de sin

(40) Gurbe sil te skearen

We witte dat dy sin twa ynterpretaasjes hat. Yn 'e aktive is der net safolle te rêden, dy is fierwei deselde as dy fan sin (38), allinne mei dit ferskil dat Gurbe no op in oar plak syn skearhanneling docht.

Mar dat absintive karakter jout ek krekt romte foar in ekstra mooglikheid. Want wêrom soe Gurbe nei in oar plak ta foar dat skearen, as er it yn prinsipe ek dwaan koe op it plak dêr't er al is? Dan kin der ek wat bysûnders te rêden wêze, in foardiel dat ynherint is oan dat oare plak. Wy witte út ús kultuer wei dat at jo nei in oar plak ta geane foar in skearhanneling, dat it normaal is dat immen oars dy hanneling docht, en dat jo sels dan behannele wurde. Dy immen oars is in profesjonaal, oftewol in "fakman", sa't Wadman al opstrewearre. Fan dy fakman, dy't dan dus útsoarte de Agens is, is it net nedich dat dy eksplisyt neamd wurdt. By it útfieren fan 'e hanneling op dat oare, profesjonele plak is dan ek folle mear fan belang dat we witte wa't dêr skeard wurde sil, dus wa't de Patiens is. Dat is yn dit gefal Gurbe. In konstruksje as yn (40) hat fan himsels mar ien plak dêr't in haadwurdkloft stean kin. Dat is hielendal foaroan, it subjektsplak, en dat plak is normaalwei ornearre foar de Agens. De preposysjonele *te*-ynfinitiven hawwe ommers fan harsels syntaktysk gjin plak foar in Patiens:

(41) \*Gurbe sil [himsels / de skiep] te skearen

(42) \*Gurbe sil te [himsels / de skiep] skearen

Mar krekt omdat de idintiteit fan dy Agens troch dy absintiviteit en dy fêste hanneling al bekend is, is it net mear nedich dat dy Agens leksikaal útdrukt wurdt, en is der romte foar in oare rol. De pragmatyske sitewaasje freget der hast ek al om dat earder de Patiens útdrukt wurde moat. Wat der no bart, is, dat de Patiens hjir yn it semantyske "gat" springt. De Patiens parasitearret om sa mar te sizzen op 'e fêste rolferdieling fan dy hanneling op dat oare plak, en dat makket dat it subjekt foar Patiens trochgean kin. Mei oare wurden, it is yn dizze konstruksje de pragmatyske konstellaasje dy't hjir in ôfwikende semantyske ynterpretaasje fan 'e iennichste nominale kloft mooglik makket.<sup>6</sup>

6. Absintivens kin ek yn oare gefallen in passive ynterpretaasje begeunstigje, lykas yn *ik bring de auto nei de garaazje te trochsmarren*. Ferlykje ek *ik hear in stoel delsetten*, dat jin better oan wol as *?ik sjoch in stoel delsetten*. By it brûken fan *hearre* geane jo der normaalwei fan út dat de waarnimmer yn in oare romte is as de stoeldelsetter; by *sjen* is de waarnimmer natuerlikwei yn 'e selde romte. Sjoch oer de passive ynterpretaasje fan konstruksjes mei persepsjetidwurden Hoekstra & Moortgat (1979).

It is noch wol fan belang om der op te wizen dat dy rolwiksel allinne mar betrekking hat op it leksikale tiidwurd yn it komplemint, dus op *skeare*. Neffens it matriksiidwurd bliuwt alles gelyk. Dus yn *Gurbe giet te skearen* hat Gurbe inselde soarte ferhâlding ta *gean*, as it no om 'e aktive of om 'e passive lêzing giet. De konseptuele struktuer fan *gean* hat útsoarte in GO-funksje, en njonken PATH hat dy mar ien argument dat beweecht, oft jo it no in "thing" neame (Jackendoff 1990) of in "object" (Jackendoff 2002). Hjir is dus gjin romte foar rolwiksel. Fierders nim ik ek oan dat beide lêzings in idintike syntaktyske struktuer ha, en dat der yn 'e passive lêzing ek net in ferpleatsing west hat.<sup>7</sup>

Ik sei hjir, sjoch (41) en (42), dat de konstruksje by ynfolling fan in Agens gjin eksplisite Patiens mear talit. Dat is lykwols net hielendal wier. As we ynkorporearje, dan kin der al in Patiens útdrukt wurde:

(43) Gurbe sil te skiepskearen

Syntaktysk hâldt (43) him kreas oan 'e regel fan 'e konstruksje dat der gjin objekt útdrukt wurdt: *skeare* yn (40) en *skiepskeare* yn (43) binne op inselde wize syntaktysk yntransityf, sjoch Dijk (1997) foar in wiidweidige behanneling. Semantysk is der lykwols wol in ferskil, omdat yn (43) de Patiens wol eksplisyt útdrukt wurdt.<sup>8</sup> It subjektsplak, hjir beset troch *Gurbe*, kriget yn dit gefal wol automatysk de Agens-rol. In Patiensrol foar Gurbe is no útsletten.

7. Soks nammers yn in al lange tradysje, yn earder tiden as leksikalistysk (bygelyks Hoekstra & Moortgat 1979), en hjoeddedei grif as konstruktivistysk (Jackendoff 2002; Goldberg 2006) oan te tsjuten. By in eventueel oannimmen fan in Small Clause-analyze soe der oars wol ferpleatst wurde moatte. Sa'n analyse soe útgean fan it akkusative karakter fan it tiidwurd *gean* (dat ommers bygelyks *wêze* as helptiidwurd fan tiid nimt). *Gean* soe dan ûnderlizzend gjin ekstern argumint ha, en dêrby in Small Clause as komplemint selektearje, skematysk: [e[gean<sup>SC</sup>[[de learaar][te skearen]]]]. Om kaus te krijen moat *de learaar* dan ferheft wurde nei it plak fan e. Merk op dat *de learaar* yn dizze struktuer, as it om in aktive of passive ynterpretaasje giet, ek net ôfhinklik is fan *gean*. De struktuer binnen de Small Clause soe yn beide ynterpretaasjes fierders ek gelyk bliuwe kinne.

8. De syntaktyske beheining fan preposysjonele *te*-ynfinitiven meitsje, dat de Fryske absintyf aspektueel ek beheinder is as de Nederlânske. Nederlânske absintiven kinne yn Vendleriaanske termen Activities nimme (*hij is eten*), mar ek Accomplishments (*hij is een boterham eten*); sjoch Haslinger (2007, 24-33) foar neiere diskusje. Omdat de Patiens inkelde yn ynkorporearre foarm yn 'e absintyf opnommen wurde kin (*hy is te brochjeiten*), komme dêr yn it Frysk allinne mar Activities yn foar.

Dêr is oars wol wer ien útsûndering op, en dat is yn in gefal dat troch Wadman ek as foarbyld neamd wurdt:

(44) Gurbe sil te hierknippen

Sin (44) is in foarbyld fan type II yn Mithun (1984) har typology fan nomenynkorporaasje. By dat type II kriget in sindiel as gefolch fan ynkorporaasje fan in oar sindiel syntaktysk in oar plak.<sup>9</sup> Ferlykje de beide sinnen hjirûnder:

(45) De kapper knipt Gurbe it hier

(46) De kapper hierknipt Gurbe

Yn (45) is *it hier* direkt objekt, en *Gurbe* is yndirekt objekt. Yn (46) is it âlde direkt objekt ynkorporarre, en fan gefolgen wurdt it âlde yndirekt objekt no om sa mar te sizzen ferheft ta direkt objekt. Dat dat sa is, kin it moaiste sjen litten wurde oan 'e foarm fan it persoanlik foarnamwurd by passivisearring:

(47) Him wurdt it hier knipt

(48) Hy wurdt hierknipt

Gurbe hat yn (46) dus de Patiens-rol, en kin sadwaande yn (48) as Patiens ek de subjektsposysje ynnimme, en as pronomen yn 'e subjektsoarm ferskine.

### 7. Itige hannelingen

De omstannichheden sa't dy hjir sketst binne, freegje der dus wol om dat bekend is dat op it oare plak altyd in fêste Agens syn wurk docht. It giet dan eins ek altyd om itige hannelingen, dy't ek geregeldwei barre moatte om by de harker bekend te wêzen. Se hawwe dus, soe men sizze kinne, in beskaat ritueel karakter. De foarbylden dy't troch Wadman neamd wurde, foldogge dêr oan. As jo nei in oar plak te skearen geane, dan is dat ornaris nei in fêst plak, dêr't in fêste skearbaas oan it wurk is. Bern moatte nei in konsultaasjeburo om yninte te wurden, en soldaten krije in oprop om nei in spesjale kaserne ta foar de keuring, froulju stappe nei in kapsalon foar it wettergolvjen, en geane nei de pedikuer foar it pedi- en manikueren. In

9. Sjoch hjitroer ek Dyk (1993).

slachter ûntfermet him oer in baarch om him te slachtsjen, en foar it strûpen fan in knyn sil ek earne wol in mantsje beskikber wêze. Foar de saken yn (18)-(22) leit it al net oars: der is in profesjonaal dy't oer dy dingen gear kin.<sup>10</sup>

De pragmatyske omstannichheden dy't de passive ynfinityf mooglik meitsje, smite ek tagelyk beheiningen foar de konstruksje op. Bygelyks foar de persoanen dy't as subjekt foarkomme kinne, en soks yn relaasje ta it tiidwurd. Persoanen komme fansels dochs al folle earder foar as Agens dan as Patiens, mar de mooglikheid dat se yn 'e passive ynfinityf figurearre, binne noch mear beheind troch de eask dat de hanneling wat in "ritueel" karakter ha moat. Dat wol dus sizze dat de fereaske bekendens der om liket te freegjen dat de hanneling geregeldwei bart. Knippe en skeare moat no ienris om 'e safolle tiid barre. Dêrom sit ik ek in lyts bytsje frjemd oan te sjen tsjin it foarbyld

(49) ?Jan hat te operearjen west

dat troch E. Hoekstra (1994, 89) lykwols sûnder fraachteken presintearre wurdt.

In oar en folle hurder betingst is, dat de Patiens meiwurkje moat. No is dat by bisten en benammen by saken net sa'n probleem, dy hawwe net sa folle te wollen. Mar by persoanen is dat wol in faktor, sokken hawwe no ienris in eigen wil. De hanneling 'slaan' kinne jo bygelyks wol op in persoan útfiere, mar in sin as

(50) \*Gurbe sil te slaan

is mei in passive ynterpretaasje dochs wol hiel apart, of it soe miskien sa wêze moatte dat Gurbe in behurde masogist is. Deselde oarsaak keart mooglik op dat de neifolgjende sin akseptabel is:

(51) \*Omke sil te kremearjen

10. Dit aspekt fan in fêste, te ferwachtsjen hanneling, krekt as gefolch fan 'e absintiviteit, hat by myn witten yn 'e literatuer net folle omtinken krigen. De Groot (2000, 712) obstrewearret lykwols al dat "there is the expectation of what is normally the case, because the activity expresses the occupation, hobby, personal habit, or stretch of time a particular activity usually takes". En op 'e selde side: "If a verb cannot be associated with an activity people do for a living or a hobby, or regularly for some other reason, the verb will not be used in the absentive construction".

Der soe lykwols ek riddenearre wurde kinne dat at ien dea is, dat it dan ek dien is mei de frije wil. Miskien is (51) dêrom ek wol útsletten om deselde reden dat it fuortgean om operearre te wurden ek al frjemd wie, te witten dat de hanneling in te ynsidinteele karakter hat.

Mooglik is dy sin ek noch fanwegen wer in oar kritearium útsletten. De Groot (2000) leit der nochal de klam op dat it subjekt by de absintyf nei de hanneling wer yn it deiktyske sintrum weromkomme moat. Dat wurdt by kremearjen fansels in problematysk gefal. It is lykwols de fraach oft dit by de passive ynfinitiven wol sa'n needsaaklik betingst is. We hawwe soks yn Wadman syn foarbyld (11) al sjoen mei de baarch dy't te slachtsjen giet. Dy komt ek net needsaaklik werom, alteast net yn in foarm dat der noch fan in baarch praat wurde kin.

Foar saken is der noch in oar betingst foar in slagge utering, ien dat oars wol tige yn 'e reden leit: de saak yn kwestje moat wol ferpleatsber wêze. Dat is dus de ienfâldige oarsaak dat in sin as

(52) \* It paad moat te feien

der net op troch kin, wylst bygelyks in auto dus wol te reparearjen kin.

#### 8. *Passivens en modale ynfinitiven*

Op dit punt sille guon lêzers faaks opmerke dat in sin as

(53) Dat paad is te feien

dochs wier wol mooglik is. Dat is yndied sa, mar dan ha we wol in hiele oare konstruksje by de kop. Yn 'e al neamde yndieling fan J. Hoekstra (1997) ha we dan nammentlik te krijen mei in *adjektivyske* ynfinityf. Dy hat hiele oare eigenskippen as de preposysjonele. Sa spilet de absintivens hjir gjin rol. De kar fan 'e tiidwurden foar de adjektivyske ynfinityf is ek rommer, dy is nammentlik net beheind ta tiidwurden dy't in aktiviteit oantsjutte:

(54) It paad is net te finen

(55) It paad is net te witten

Sa't de namme "adjektivysk" ek al suggerearret, fungearret it ynfinitivale part *te feien* as it namwurldlik part fan it stelde, en is it matrikstiidwurd is

hjr in keppeltiidwurd. Oare tiidwurden as keppeltiidwurden binne yn dizze konstruksje dan ek net mooglik; *gean* is bygelyks perfoarst útsletten. En ek wichtich: de semantyk fan 'e konstruksje is fûneminteele oars. By de passive ynfinitiven, en by de absintyf yn syn algemienens, is de ymplikaasje dat de hanneling ek wier bart. As de learaar te skearen is, dan nimme wy oan dat er sûnder burd weromkomt.<sup>11</sup> Dat is by de adjektivyske ynfinityf net it gefal; se wurde dêrom ek wol *modale* ynfinitiven neamd. De modaliteit is dy fan needsaak ('it paad moat fage wurde'), of, sa't J. Hoekstra (2003, 251) úthâldt, yn it Frysk earder noch dy fan mooglikheid ('it paad kin fage wurde'; 'it paad is feiber').

Sa't yn myn semantyske transkripsje tusken skrapkes, yn 'e foarm fan it tiidwurd *wurde*, al te sjen is, en sa't Hoekstra eksplisyt ek noch ris neamt, is de modale ynfinityf passyf fan karakter. Dat is ek ôf te lieden oan it feit dat der fakultatyf in *troch*-bepaling by kin:

(56) It paad is (troch de wurkleaze) te feien

En no is it net hurd te bewizen, mar miskien ha wy krekt hjir de kaai yn hannen ta in antwurd op 'e fraach wêrom oft de passive ynfinityf yn it Frysk überhaupt mooglik is. It soe nammentlik wêze kinne dat de preposysjonele *te*-ynfinityf it passive karakter fan dy adjektivyske ynfinityf om sa mar te sizzen "liend" hat, oftewol dat de preposysjonele ynfinityf nei analogy fan 'e adjektivyske ek in passive ynterpretaasje oernimt. It tafallige feit dat, alteast mei in matrikstiidwurd *wêze*, de preposysjonele ynfinityf en de adjektivyske ynfinityf persiis deselde foarm hawwe, soe soks mooglik makke hawwe kinne.

In beskate stipe foar de stelling soe miskien fûn wurde kinne yn De Groot (2000). Dy behannelet de absintyf yn acht Europeeske talen; de beheining ta acht is oars in natuerliken, meidat party talen hielendal net it foldwaan oer in grammatikale absintyf hawwe. De talen binne: Finsk, Hongaarsk, Ytaljaansk, Noarsk, Sweedsk, Dútsk, Nederlânsk en Frysk. Dat lêste beheint him by De Groot oars ta it Fering, it Noardfryske dialekt fan it eilân Föhr.

11. Ik bin it hjir ek net iens mei Haslinger (2007, 19), dy't stelt dat "an absentive resembles the complement of root modal constructions". It is wol wier dat de sprekker by in absintyf gjin folsleine wissichheid oer de realiteitswearde fan 'e hanneling hat, mar dat sit him der yn dat er by definysje gjin tsjûge fan dy hanneling is. By it tafoegjen fan in iepentlik modaal elemint wurdt eksplisyt oanjûn dat der oer de realiteitswearde gjin wissigens bestiet, bygelyks yn *Jan kin fiskje*. Merk ek op dat in absintyf kombinearre wurde kin mei in modaliteit, lykas yn *Jan kin te fiskjen wêze*.



Hy neamt (s. 705-706) as betingst foar de absintyf dat it tiidwurd in Agens nedich hat, "i.e. a controller of the action designated by the verb". Lykwols, "all northern languages (Fering, Finnish, Norwegian and Swedish) marginally allow non-agentive Subjects in the absintive". Foar it Fering wurdt as foarbyld neamd:

- (57) A hingst as tu bislaun  
'It hynder is te beslaan'

in foarbyld dat yn it westerlauwerske Frysk fansels ek skoen kinne soe.

By ymplikaasje moatte wy dus wol konkludearje dat yn talen as it Dútsk en it Nederlânsk in passive ynterpretaasje by de absintyf dêrom útsletten is. Dat soe yndied wol ris útkomme kinne:

- (58) \* De leraar is scheren  
(59) \* Het varken is slachten  
(60) \* Deze auto is repareren

De obstrewaasje wurdt foar it Nederlânsk ek eksplisyt befestige troch Haslinger (2007, 26), dy't stelt dat it subjekt fan in absintyf agintyf wêze moat. No hawwe it Nederlânsk en it Dútsk ek wol modale ynfinitiven, mar dat binne, krekt as yn it Frysk, ynfinitiven dy't foarôfgien wurde troch *te*. De absintyf yn dy talen hat lykwols, oars as it Frysk, gjin *te*, dêr figurearret inkeld in keale ynfinityf, en dus is yn dy talen it oernimmen fan in passive ynterpretaasje by de modale ynfinitiven wei net gau in opsje.

It liket der dus mei oare wurden op dat absintiviteit wol in needsaaklik betingst foar in mooglike passive ynterpretaasje is, mar net in foldwaandenien. De Nederlânske en de Dútske konstruksje hawwe ommers wol in absintive semantyk, mar ha allinne mar in aktive lêzing. De argumintaasje dat it Frysk ek in passive lêzing tastiet omdat dy troch foarmoerienkomst oernommen is fan 'e modale ynfinityf, is fansels wat in yndirekte. In direkter oarsaak soe socht wurde kinne yn eigenskippen fan *te*, in partikel dat it Dútsk en it Nederlânsk krekt misse. It is my lykwols net slagge om dêr in besteklike riddenearring foar op te setten.<sup>12</sup> Hjir leit dus mooglik in punt foar fierder ûndersyk.

12. Men soe tinke kinne dat dat *te* de absintivens sterker beklammet, en dat dêrom earder in passive lêzing oproppen wurde kin. Mar foarst is dy gruttere sterkte fan *te* sa op it earste each gjin ûnôfhinklike evidinsje foar, en twad, al soe it sa wêze, kin in idee fan

## 9. Beslút

Mei oare wurden, as wy oannimme dat de Fryske passive ynfinityf beynloede is troch de modale ynfinityf, dan ha we fuortendaliks in ferklearring en foar de mooglikheid fan it passive karakter derfan en foar it feit dat de Fryske absintyf wol in passive ynterpretaasje hawwe kin, en de Nederlânske en Dútske net. Mar tagelyk moat tajûn wurde dat dy beynfloeding út 'e modale ynfinityf wei net mear as in spekulaaasje is; in hurd direkt bewiis sil min te leverjen wêze.

Dat de Fryske passive ynfinityf ek hyltyd in absintyf is, liket lykwols net tafallich. De absintiviteit soarget foar de pragmatyske omstannichheid dat de Agens fan 'e hanneling net útdrukt wurde hoecht, en dat jout oan 'e Patiens de gelegenheid om it subjektsplak fan 'e sin te besetten. Dêrby bliuwt it in opmerklik feit dat dizze passive konstruksje, oars as bygelyks de gewoane ûndergeande foarm of de mediumkonstruksje, gjin inkeld foarmskaaimerke sjen lit dat wiist op passivens. Wat dat oangiet is it ek net sa nuver dat de grutte Fryske poëet Obe Postma dy eigenskip sa gau net ergere hat. Foar it lykwicht is it dan wol wer moai dat it de grutte prozaïst Anne Wadman west hat dy't de Fryske taalkunde wiisd hat op dit apartige ferskynsel.

*Fryske Akademy*  
Ljouwert

## BIBLIOGRAFY

- Dyk, S. (1993), 'Typologyen fan nomenynkorporaasje en it Frysk', *Tydskrift foar Fryske Taalkunde* 8, 27-33.  
Dijk, S. (1997), *Noun incorporation in Frisian*. Ljouwert, Fryske Akademy [= diss. R.U. Grins].

sterkere absintiviteit der dan wier ta liede dat in passive ynterpretaasje mooglik wurdt? Soks moat dan al yn 'e hollen fan 'e taalbrûkers sitte. Absintivens op himsels liket gjin gradueel konsept: jo binne fuort, of jo binne net fuort.

- Dyk, S. & J. Hoekstra (útjs.) (1987), *Ta de Fryske syntaksis*. Ljouwert, Fryske Akademy.
- Goldberg, A.E. (2006), *Constructions at work*. Oxford, OUP.
- Groot, C. de (1995), 'De absentief in het Nederlands: Een grammaticale categorie', *Forum der Letteren* 36, 1-18.
- Groot, C. de (2000), 'The absentive'. Yn: Ö. Dahl (útj.), *Tense and aspect in the languages of Europe*. Berlin / New York, Mouton de Gruyter, 693-719.
- Groot, C. de (2007), 'The king is on huntunge: on the relation between progressive and absentive in Old and Early Modern English'. Yn: M. Hannay & G. Steen (útjs.), *The English clause: Usage and structure*. Amsterdam, Benjamins, 175-190.
- Haslinger, I.M. (2007), *The syntactic location of events. Aspects of verbal complementation in Dutch*. Utrecht, LOT [= diss. Universiteit van Tilburg].
- Hoekstra, E. (1994), 'Oer de oerienkomsten tusken de dialekten fan Noard-Hollân en it Frysk', *Philologia Frisica anno 1993*, 81-103.
- Hoekstra, J. (1997), *The syntax of infinitives in Frisian*. Ljouwert / Leeuwarden, Fryske Akademy [= diss. R.U. Grins].
- Hoekstra, J. (2003), 'Ta de nedich-konstruksje yn it Frysk', *Philologia Frisica anno 2002*, 235-261.
- Hoekstra, P., T. & M. Moortgat (1979), 'Passief en het lexicon', *Forum der Letteren* 20, 137-161.
- Hof, J.J. (1920), "'Trouwen gean'", *Swanneblommen* 2, 127-132.
- Jackendoff, R. (1990), *Semantic structures*. Cambridge, Mass., MIT-press.
- Jackendoff, R. (2002), *Foundations of Language*. Oxford, OUP.
- Mithun, M. (1984), 'The evolution of noun incorporation', *Language* 60, 847-894.
- Vendler, Z. (1957), 'Verbs and times', *Philosophical Review* 56, 143-160. Ek yn Z. Vendler, *Linguistics in philosophy*, Ithaca (1967), Cornell University Press, 97-121.
- Vogel, P.M. (2007), 'Anna ist essen! Neue Überlegungen zum Absentiv'. Yn: L. Geist & B. Rothstein (útjs.), *Kopulaverben und Kopulasätze. Intersprachliche und intrasprachliche Aspekte*. Tübingen, Max Niemeyer Verlag, 253-284.
- Wadman, A. (1949), 'De passive infinityf yn it Frysk', *De Pompeblêdden* 20, 115-116.

## Westerlauwerskfrysk etymologysk griemank (IV)

Jarich Hoekstra

### Summary

*In this article new or revised etymologies are proposed for the following Modern West Frisian words: galjes 'bog myrtle, gale', skaaie 'originate from; inherit; look like', skarreld 'astride', ûnbidich 'overdoing it; too big; enormous', bywerp, bjirp 'ring to fasten a tool to the handle', kjitte 'shit; weeds', nodzje 'to cuddle', jin skreauwe 'take courage', skroed(sje) 'small and weak child, animal, plant', skrouwe 'to shiver (with cold)', (oan)finge 'to catch fire'.*

### 40. Nijwesterlauwerskfrysk ga(a)ljes 'Myrica gale L.'

*Galje(s)* of *gaalje(s)* (ek *galjehout*, *galjetûken*) is yn it Frysk de beneaming foar strûkeftige wetterwylchjes yn reidpuollen (sj. WFT 7, s.v. *galje*; Franke & van der Ploeg 1984, 16-17). Sa't it WFT al oantsjut, is it wurd grif besibbe mei de Hollânske namme *gagel*. Oare wjergaders binne Dútsk *Gagel* (Aldheechdútsk *gagel(ris)*), Midleechdútsk *gagel(krut)*) en Ingelsk *gale* (Aldingelsk *gagel*). De fraach is dan lykwols noch, hoe't Frysk *ga(a)lje(s)* formeel mei de foarmen yn 'e oanbuorjende talen gearhinget. Nei alle gedachten moat men útgean fan in Aldfryske foarm \**geiel*, dy't troch palatalisearing fan *a* ta *e* en fokalisearing fan *g* ta *j* nei in palataal lûd út Westgermaansk \**gagel* ûntstien is. Ferlykje Frysk *nei(e)l* njonken Hollânsk *nagel* en Dútsk *Nagel*. De âlde foarm fynt men noch gearlutsen werom yn Skylgersk *geil* as sammelnamme foar 'bosken branje (krûpwylch) út 'e dunen' (Franke & van der Ploeg 1984, 17, 19). Hy komt ek yn it Noardfrysk foar as namme foar 'bremerheide': Bökingsharde *gail* (Sjölin et al. 1982), Karrharde *gail* (Nissen 2863), Mittelgoesharde *goiel* (Schmidt-Petersen 1925, 173), Südergoesharde *chöil* (id. 28). De foarm \**geiel* is oer \**gaaiel* mei metateze ta *gaalje* en mei ferkoarting ta *galje* wurden. Ferlykje foar dy ûntjouwing Frysk *flei(e)l*, *flaaiel*, *flaalje*, *flalje* (sj. ek Hoekstra 2004, 15-16). *Galje* mei in ferkoarte *aa* moat as [galjə] útsprutsen wurden en net, lykas it WFT ha wol, as [gɔlje] (ferl. *flalje* [flaljə]).

De etymology fan Frysk *galje(s)*, Hollânsk *gagel* ensfh. is fierders ûnbekind.